

Dizze ramtnota lêst maklik, der stjit ek net safolle yn. In die sin is it net in opjefte om myn bydrage in tsien minuten te dwaan. Wol lestich is it om een programma gau op te sykjen, die hiene we leaver apart beneamd sjoen in de ynhâldsopjefte. Het earste wat opfalt is it grutte tal fte's wat opfiert wurdt. Foaral ferbjusterjend dat krekt dit kolleezje dit betocht hat. Ien wethâlder neamde altyd dan net yn control te wezen, mar goed, der is in útlis oer west en dêr haw we oantreaune op in totaal plan om de samenhang better oersjen te kennen. We tsjinje dêr dan ek een moasje foar in tegearre mei it CDA.

No even een pear positive en minder positive saken op een richje:

De doarpenkoördinator is een goeie saak. Een jeugd boa miskien ek, mar of je mei handhaving een goeie bân opbouwe mei de jeugd en dan previntyf dwaande binne? Dat lykje ús twa ferskate dingen en dêrom stypje we een moasje hjiroer. Een BOA is net oplied as previntyf jongereinwurker. We sille in moasje hjiroer dan ek stipje.

**Wenjen:** ek sear summier, alhoewol we allegearre witte dat er grutte need is. Lit er dan foaral gjin fertraging ûntstean in rinnende projekten sa as de van der Bruglokaasje. De bern wachtsje no al trettjin jier en dat ken net langer! We hearden dat de gearkomste mei de omjouwing twa kear útsteld is en no een heal jier fertraging oprint, we gjin er fan út dat dit dan net foar het hiele trajekt jild! Ek hearden we fan fertraging by de wenningbou op it kassencomplex troch wolstânseasken. Tidens de petearen mei de beeache koällysje haw we pleit foar in ynterne taskforce. Disse Taskforce soe soargje moatte foar mear samenhang en diedkrêft. We roppe it kolleezje op hjir noch ris nei te sjen.

**Duorsumens:** hjir wurdt faak neamt dat er jild foar fan it ryk komme moat, mar yn de bydrage fan it ryk sit in bydrage foar duorsumens/energzytransysje, mar ek sûnder dat fine we dat de energzycoaching trochgean moat. Foaral tips hoe energzy te besparjen. Wichtich foar minsken mei een smelle beurs die grutte moeite hawwe de energzyrekken te betelje, mar ek om sa de transysje te befoarderjen. Dêrfoar komme we mei in moasje.

No we't doch oer de smelle beurs hawwe wolle we noch ris wize op de foarsjenningswyzer. It hat bliken dyn in folle plakken dat hjir in protte mei berikt wurdt, sa dat sels ús keninginne hjir belangstelling foar toant! Hûnderten euro's kin minsken deroan oer hâlde. Dat is seker no tige wichtich. Net allinnich foar minsken mei in útkearing mar ek foar wurkjenden mei in leech ynkommen. We wolle sawiesa each foar wurkjenden mei in leech ynkommen neist minsken in de bystân fanwegen de grutte priisstigingen die no plak fine.

**Sosjaal Domein:** blied mei it starten fan de Lokale Inclusieve Aginda, dit soe net fanút ferplichting wêze moatte, mar omdat we ek ús ynweners mei in beheining ta tsjinst wêze wolle! Moai dat ek deminsjefreonlike gemeente neamd wurdt, de trainings fan de organisaasje deminsjefreonlike gemeente binne kosteleas. We soene dan ek graach sjen dat dit mei faasje oppakt wurdt.

**Jeugd:** ek op it mêd fan jeugd is it belied summier. We wolle graach meitinke oer it foarkommen fan in protte ellinde by bern en tsjinje derom twa moasjes in.

Dan noch iets wat us gemeente ek bot rekket en dat is de oerbruggingsconcessie. Wat Arriva fan plan is hat grutte gefolgen foar it busferfier in Achtkarspelen. Fierder komt dit in de taljochting van ús moasje mei de PVDA/GL wol oan de oarder, we hoopje hjir de foltallige ried in mei te krijen.

It is in dreeche tiid die we temjitte geane, mar as christenen ha we hoop en bliuwe we hoopfol, we wolle as ChristenUnie samen rjocht dwaan oan alle minsken en sille fan út die gedachte de kommende tiid us bydrage leverje.